



De Alde Feanen in 1994.

Foto LC

Alde Feanen werom by Earnewâld

No't alle gemeenten, doarpen en bestjoerders harren útsprutsen hawwe oer de weryndieling fan de gemeente Boarnsterhim, wolle wy as Earnewâldsters ek ús lûd hearre litte.

LAMINA WESTERDIJK- DAM

Doarpsbelang Earnewâld

Wy wolle ús grutte winsk kenber meitsje: it natuergebiet De Alde Feanen wolle wy graach werom hawwe by Earnewâld.

It natuergebiet, begrinze troch Prinses Margrietkanaal,

de Grefte en de Geeuw, hearde oant 1983 foar in grut part by Earnewâld, gemeente Tytsjerksteradiel. Nei de gemeentlike weryndieling fan de gemeente Boarnsterhim binne wy it gebiet De Alde Feanen kwytrekke op in ûndemokratyske wize.

By de nije weryndieling fan Boarnsterhim soe dat no wer rjochtsetten wurde moatte.

Dêrom wolle wy graach dat it natuergebiet De Alde Feanen wer heart by Earnewâld, by de gemeente Tytsjerksteradiel.

Earnewâld is in lyts wettersportdoarp dat as iennichste doarp midden yn it Nasjonale

Park De Alde Feanen leit en is sadwaande ferbûn mei it gebiet.

Troch it wurk fan de feaners fan turf, is it prachtige natuergebiet ûntstien. In protte Earnewâldsters hawwe al generaasjes lang harren wurk en brea-winning oan De Alde Feanen te tankjen. Dan ha wy it oer fiskers en reidsnijers, en hjoed-de-dei soarget it toerisme foar in protte wurkgelegenheid yn ús doarp.

De behearder fan it Nasjonale Park de Alde Feanen, It Fryske Gea, is rjochte op ús doarp. De gebouwen, loadsen en it ark steane yn Earnewâld en de wurkskippen lizze dêr foar de wâl.

It nije besikerssintrum fan it Nasjonale Park is te berikken oer it wetter en oer de dyk en stiet yn Earnewâld. Foar It Fryske Gea is it ek wichtich dat it gebiet by ien gemeente heart.

De bewenners fan de simmerhúskes en de wenskippen yn De Alde Feanen dy't hjir al generaasjes lang komme, binne ek rjochte op ús doarp en fiere harren ek ferbûn mei Earnewâld.

No is dêr de kâns en de mooglikheid, lit de grutte winsk fan de Earnewâldsters útkomme!

It doarp Earnewâld en de Alde Feanen kinne wer ien gehiel wurde.

Lit it gebiet wer thúshearre – sa as it earder ek wie - by deselde gemeente Tytsjerksteradiel.